



Doarpskrante

Linepraat

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- Mirte in Zuid-Afrika
- Junior Energiecoach
- 'Dit bin ik' met Jelle



April 2023

Linepraat

Doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn de moanne july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia: linepraat@gmail.com **yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanleverje yn pdf.**

De **redaksje**: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Korreksje: Gerrie de Leeuw
Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth
Oare Meiwurkers: Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema, Griet Hofstra en Geeske Smorenborg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen binne lid. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanleverje

Advertinsjes:
De advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd volkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612**
Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De "postadressen" betelje € 25,-- yn 't jier.
Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenborg til.602164

By kopy, dy't letter binnen komt jouwe wy net de garânsje, dat dizze pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje. Fierders binne hja net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopy wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat o.a.:

Foarwurd	3
Aginda/Ald Papier	4
Mirthe in Zuid-Afrika	4/5
Versmarkt on tour	5
Kort nieuws deel 1	7
Theatergroep Fier	9
Vrouwen van Nu	9
ROTO	10
Aktiviteitekkommissje: De Boer sjongt Bos	11
Idaerd yn de jierren njoggentich	13
Gedicht fan Piter	13
Wisten jo dat	15
Mededelingen	17/18
Puzzel	18
Op 'e kofje	19/20
Kort nieuws deel 2	21
Dit bin ik	23
Notulen jierfergadering Linepraat	25
De dierenarts vertelt	27
Junior Energiecoach project	27
Doarpsbelang Reduzum	29-33
Palmpasen	33
Groen leeft in Leeuwarden	35
Regiodeal natuurinclusieve landbouw	37
It stikje fan Koos	39
Jeugdwerk Friens	41
Gedicht fan Piter	41
Plaatselijk belang Idaerd, Eagum en Hoflân	42
Pleatselik Belang Friens	43
Dy tiid hat west	45
Verborgten verleden	47
Clubmiddag VV Irnsum	49
Zonnepalen	51
Biljarten	51
Korfbal	53
Tafeltennis	54
Nijs fan de Sportstichting	55
Keatsen	55
Skoalle	56-60

Foto foarblêd: Noch in lyts winterke wêrby frijwilliger Gerrit Hafma (fan de struiploech Swinlân) útride moast om de brêge te struien. (Foto: Agatha Vermeulen)

Linepraat

Doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum.



Foarwurd

Jild

It is moai as je wat jild om hannen hawwe.

Ik fyts sa út en troch in eintsje mei in âld-kollega.

Nee, hy hat hjir net oan skoalle stien!

Underweis fertelt er dan dat hy yn opsjes docht.

En derivaten en obligaasjes.

Hy skriuwt puts en calls. Op 'e effektebeurs yn Amsterdam.

Oandielen hat er net, mar hy boartet der wol mei.

Dat skynt te kinnen.

Jo keapje sabeare en je ferkeapje se ek wer, sabeare.....

En it smyt him grau jild op. En in prachtich hûs. En in grutte tún.

No hat syn frou in plakje yn de holle.

Dat moat der wei, mar it sit op in raar plak.

It skynt ynkoarten in tige risikofolle operaasje te wurden.

En hy sels moat om it hurtsje pisje. Syn prostaat spilet op.

Om it oere stapt er efkes fan 'e fyts en siket er in beam op.

Dat jout him wer lucht.

It fytspraat gie de lêste kear allinne noch mar oer sûnens.

En krekt dát is net te keap.....

Henk.

Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand.




Lijkt het u ook gezellig om eens per maand met anderen te koffiedrinken?

Dit kan op dinsdag 11 april om 10 uur in het lokaal achter de kerk.

Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep



Agenda

31 mrt	Skoalle	Himmeldei
31 mrt	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
2 apr	Kerk	Reduzum 9:30 Pastor C. Bos Palmpasen
2 apr	Palmpasen	Palmpasenoptyocht 11:00
2 apr	Concert	Adri de Boer try-out "deBoersjongtBos" Kerk Friens middag
3 apr	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
5 apr	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Idaerd en Friens
7 apr	Versmarkt	Versmarkt on tour in Wytgaard bij Frederika Taarten 14:00-17:00
11 apr	Koffie drinken	Lokaal achter de Kerk 10:00
11 apr	Vrouwen v Nu	Lêzing Brain Kabbes, oer Planten dy't de skiednis feroaren. 19:45
12 apr	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
13 apr	DB Reduzum	Algemene Ledenvergadering Doarpsbelang Café De Welp 20:00
15 apr	Biljarten	DWEI slotavond Café De Welp Opgave voor 3 apr.
17 apr	Schoolbus	Donateursactie Schoolbus van 17-23 april.
23 apr	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
1 mei	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
5 mei	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
25 mei	Vrouwen v Nu	Dagtocht Bad Zwischenahn. Opgave: giestmei@gmail.com
20 mei	Mûne	Feest Doarpsmûne Reduzum
25 mei	Vrouwen v Nu	Dag tocht Bad Zwischenahn. Opjefte: Giestmei@gmail.com
2 jun	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
5 jun	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
24 jun	Rommelmerk	Rommelmarkt (TDS - KV Mid Fryslân)
1 jul	Festival	Muzuder Iepen Loft Festival op terrein Sjoerd de Boer 16:16
3 jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
5 jul	Vrouwen v Nu	Fytsklub de hiele dei. 9:30 by De Welp
5 jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Idaerd en Friens
7 jul	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
7 aug	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
1 sep	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
1-4 sep	Merke	Merke in Reduzum The roaring 20's
11 sep	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
6 okt	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:		Verschijningsdatum:
Mei	19 april	tot 12:00 uur	27 april
Juni	24 mei	tot 12:00 uur	1 juni
Juli	21 juni	tot 12:00 uur	29 juni
Augustus	Geen Linepraat		
September	23 aug	tot 12:00 uur	31 augustus

Ald Papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2023					Reserve
26 apr	Arie	J. Koopmans	S. van Malsen	J. Zijlstra	R. Dijkstra
24 mei	Jaap	Ale Brouwer	J. Sikkes	B.A. Klomp	D. Kooistra
21 jun	Tjipke	A. Visser	J.W. Schreiber	P. Brouwer	A. Korf
19 jul	Leander	A vd Meulen	J. de Jong	J. de Boer	A. Meckes

Mirte in Zuid Afrika

Mirte Wijnstra heeft vanaf begin november tot eind januari wildlife management gestudeerd in Zuid Afrika. Ze heeft voor de Linepraat een verslag van haar reis gemaakt.

Mijn reis begon op vrijdag 4 november. Samen met een studiegenoot vloog ik eerst naar Kaapstad. Deze bijna 12 uur durende vlucht ging prima. Vervolgens hadden we een overstap van 8 uur in Kaapstad. Na 2 uurtjes slaap konden we onze koffers weer inchecken en stond ons (privé)vliegtuig voor ons klaar. Op het vliegveld van Port Elizabeth moesten we nog 6 uren wachten op andere studenten en vervolgens nog 2 uur in de auto en na meer dan 24 uur reizen waren we op mijn eindbestemming.

Stenden heeft 2 campuslocaties in Zuid-Afrika. Eén in Port Alfred en één op de Koffyblaagte. Alleen Wildlife management wordt gegeven op Koffyblaagte. Koffyblaagte is een game reserve (privé windreservaat), voorheen voor jacht-liefhebbers. Nu is het alleen bedoeld voor studenten en de eigenaar zelf. Het terrein is 1.800 ha groot en er leven verschillende dieren zoals zebra's, giraffen, impala's, elanden, koedoes en apen. Deze dieren zie regelmatig vanuit je tent of als je lekker in het zwembad zit.

De tenten waar wij als studenten in verblijven waren super de luxe. De zijanten waren van tentdoek en het dak was van riet wat er voor zorgt dat het wat koeler blijft. Want in de maanden december/januari kan het hier gemakkelijk 40 graden worden. Ook zijn de tenten voorzien van een badkamer. Het enige nadeel van de tent is dat er tijdens de low shedding geen Wifi is. In Zuid-Afrika is er een elektriciteitsstekort, daarom is er besloten dat elke regio 1 of een paar keer per dag voor ongeveer 2 uren wordt afgesloten van het elektrisch netwerk (low shedding). Na een paar dagen wen je hier wel aan. Op de campus kregen wij 3 maaltijden per dag. Het is hier eten wat de pot schaft. Bijna al het vlees dat wij tijdens het avondeten kregen was afkomstig van de dieren die op de game reserve leven. Dit is vooral eland en koedoe.



De minor houdt in hoe je zelf een game reserve moet gaan managen. Ik heb geleerd over dieren, planten, jacht op dieren, field guiding, verschillende soorten natuur en nog veel meer. Naast dat we gewoon colleges hadden, deden we ook een aantal dingen in de praktijk. We zijn verschillende keren op verschillende plekken op Safari geweest, te voet en met de auto. We hebben geleerd wat je moet doen in een noodsituatie maar ook praktische dingen zoals een autoband verwisselen en vuur maken.

De campus waar ik verbleef ligt ver verwijderd van de bewoonde wereld. Om normaal boodschappen te kunnen doen moet je gauw al bijna anderhalf uur in de auto. De campus is namelijk alleen te bereiken via een onverharde weg van ongeveer 20 kilometer lang. Hier deden we ongeveer drie kwartier over.



In de weekenden waren we vrij. Samen met 4 mede studenten had ik een auto gehuurd. We zijn naar verschillende plekken geweest: Jeffreys Bay, Port Elizabeth, Tsitsikama, Plettenbergsbay en Port Alfred.

Tijdens deze uitstapjes gingen we surfen, wandelen, relaxen, uiteten en borrelen want alcohol is niet toegestaan op de campus.

Tijdens de drie weken kerstvakantie hebben we de bekende garden route gereden. Deze route heet garden route omdat je via het groenste deel van zuid Afrika naar Kaapstad rijdt. Hierdoor is er veel begroeiing en daarom de naam garden route.


Vanaf de campus naar Kaapstad hebben we vijf tussenstops gemaakt in Knysna, Wilderness, Oudtshoorn, Cape Agulas en Sterrenbosch. We verbleven in verschillende hostels en in guest houses. In Kaapstad

hebben we geen dag stilgezeten. We hebben de Tafelberg beklommen, musea bezocht, hop on/hop off bus, gesurft, geparaglide, naar Robben eiland geweest, een buiten concert en een buitenfilm bezocht, de wijntram en nog veel meer.

Wat mij wel opviel tijdens deze reis waren de gevolgen van de apartheid. Veel witte en zwarte mensen leven nog steeds gescheiden. De witte mensen in grote mooie huizen en het merendeel van de zwarte mensen in de zogeheten townships (woongebieden aan de rand van de stad).

Tijdens deze reis heb ik ontzettend veel geleerd en gezien. Ik zou Zuid-Afrika zeker aanraden als vakantiebestemming en ben ook zelf van plan om nog een keer terug te gaan.

Mirte Wijnstra



Kaapstad met de tafelberg.

Versmarkt on tour

Foardat de versmarkt fan Reduzum fanôf 5 maaie wer eltse earste freed fan de moanne op it pleintsje by Ale en Marjan de Jager stean sil, binne wy earst **ON TOUR!**

Nei it grutte sukses fan de markt yn Eagum binne wy op:

**Freed 7 april fan 14 oant 17 oere
yn Wytgaard op Meekeshof 1,
by Frederika's taarten & sa.**

Op dizze markt fine jim ús fêste ûndernimmers en in pear gast ûndernimmers.

Binne jim nijskierich wa't der binne, kom gewoan del of sjoch earst op de facebookpagina Versmarkt Reduzum foar it lêste nijs of op de doarpsside Reduzum.com

De kofje en tee steane ek yn Wytgaard foar jim klear. Sjogge wy jim dêr?

Mocht it waar ús op 7 april yn de steek litte, dan sil de Versmarkt ferpleatst wurde nei de Noardein, nei de pleats fan Auke en Rini. Ek it nijs hjir kinne jim fine op de socials.



Save the date:

Yn Reduzum binne wy wer op 5 maaie, 2 juny, 7 july, 1 septimber en as it waar it talit op 6 oktober.




Kort Nieuws 1

Lêste hantaasten

De handige Harry's binne klear mei har wurksumheden. Nei de hierwenten wiene de keapwenningen oan 'e beurt. Begjin maart waard de lêste wenning oanpakt.



Alle meiwurkers fan dit projekt ha nei ôfrin in lekkere attinsje krigen fan it doarpsbelang-bestoer.



De lêste wenning.

Geef defecte spullen een tweede leven.

Netwerkcentrum Leeuwarden verzorgt elke tweede maandag van de maand van 10:00 tot 12:00 uur een Repair café in de Klomp. De technisch goed onderlegde Aziz Ahmed probeert defecte spullen een tweede leven te geven. Heeft u kleine huishoudelijke artikelen die niet goed meer werken, kom dan langs. Denk daarbij bijvoorbeeld aan elektrische apparatuur zoals een koffiezetapparaat, waterkoker of een lamp. Wilt u iets laten repareren dan kan men zonder afspraak langskomen in het Netwerkcentrum Leeuwarden. Dit is de oude voetbalkantine van v.v. Leeuwarden achter het Cambuur stadion aan de Insulindestraat 27. Bel voor meer info naar 06-39738978.

Boomrand de Terp gesnoeid

Twee weken na de snoei van fruitbomen, was het alweer raak en werd de uitgeschoten boom wal aan de waterkant van de Terp gesnoeid.



En zo staan de bomen er voor het nieuwe zomerseizoen er weer fris en fruitig voor.

MILF 2023 op 1 juli

Na de prachtige eerste editie van het Muzuder Iepenloft Festival in 2022 zijn we nu druk met de voorbereidingen voor de tweede editie. MILF 2023 vindt plaats op 1 juli, net als de vorige keer op het terrein van Sjoerd en Nynke, achter Buorren 19.



Het thema dit jaar is 'Hemelse sferen'. Met leuke activiteiten, hapjes, drankjes en natuurlijk veel muziek hopen we er weer een mooi festival voor jong én oud van te maken. Om dit succesvol te kunnen doen hebben we jullie gevraagd mee te denken over de invulling van het festival. Op 23 maart hadden we daarom een hele leuke brainstorm in Café bar de Welp. We hebben veel verschillende verrassende ideeën opgehaald! Super!

Lijkt het je leuk om voor of tijdens het festival een handje te helpen? Geef je dan op als vrijwilliger via info@muzuder.nl. We gaan er weer een geslaagd festival van maken en hopen jullie uiteraard allemaal te zien op 1 juli!

Hartelijke groet,
De krû van Muzuder Iepenloft Festival



SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



Geisoleerde dak en gevel beplating



Bevestigingsmateriaal



Ongeisoleerde dak en gevelbeplating



Zetwerk



Isolatie voor dak, wand & vloer



Dakgoten

Een nieuw bestuur

In november plaatsten wij een oproep voor een nieuw bestuur van Theatergroep FIER. We kregen al snel een reactie en zijn daarom in januari met Leo Smit en Alle-Jan Wijnstra om tafel gaan zitten om het één en ander te bespreken. Belangrijk was dat er een penningmeester en een secretaris gevonden zouden worden. Dat is gelukt!

Begin maart zijn we weer bij elkaar geweest en konden we Jurjen Sikkes als penningmeester en Nynke Brinksma als secretaris welkom heten. Zij vormen het nieuwe dagelijks bestuur.

Binnenkort gaan we samen met het algemeen bestuur vergaderen en zal daarna de overdracht plaatsvinden.

Wij zijn blij dat Theatergroep FIER wordt voortgezet en wensen hen veel succes met de volgende productie!

Otto van der Meulen
Jappie de Vries
Agatha Vermeulen

Tige slagge jûn



Op 8 maart hiene we in tige slagge jûn mei Wiebe Biesma, hy fertelle oer syn reis op 'e motor troch Azië.

Troch mei de motor op 'en paad te gean komt er op plakken dêr 't de trochsneed toerist net komt. Ek sliept er graach by locals thús en libbet it libben mei harren mei. Oan de hân fan foto's reizgen we mei him mei. Fan Noard nei Súd Azië.

Ein maart hawwe in oantal froulju in fleurich peaske stik makke ûnder lieding fan Lies út Gau.

Wat stiet der kommende tiid noch mear op it programma:

- Tiisdei 11 april komt Brian Kabbes in lêzing hâlde oer 'Planten dy't de skiednis feroaren'.

- Tongersdei 25 maaie meitsje we in deitocht mei de bus nei Bad Zwischenahn, wêr de rododendrons prachtich bloeie. Yn tunen, lâns strjitten, oeral kinne se bewûndere wurde. Yn it Rododendron Park steane in hiel soart rassen, yn prachtige kleuren, te bloeien. In lust foar it each.

Moarns nei Bad Zwischenahn, middeis nei Park der Gärten (tema tûnen, rododendrons en konifearen) Mei dertusken yn ek noch wat frije tiid. It is in gehiel fersoarge deitocht, ynklusyf kofje/tee mei gebak, yntree Park der Gärten en jûns in 3-gangen diner. Lunch wol sels efkes meinimme.

We geane fuort om in oer as 8 moarns op de Trije Romers. Dizze deitocht kostet € 87,00. Leden krije koarting en betelje foar dizze moaie dei € 75,00 pp.



Eltsenien dy't mei wol kin mei, dus freon, freondinne, buorfrou, nicht, neef, nim mar op, elts kin mei oant de bus fol is. Minsken dy't harren opjouwe krije foar fertrek alle gegevens Giest mei? De is noch plak oer yn de bus. Jou dy op! giestmei@gmail.com

"Streek troch de rekken"

Yn it wykein fan 17,18 en 19 maart wie it einliks wer ris safier. As lêste fan de trije doarpen stie R.O.T.O. op de planken mei it stik "Streek troch de rekken" fan Jo Snoeren oerset troch Abele Krist.

De oanloop hie wat fuotten yn de ierde dizze kear, fan der dat sy wat letter los gongen. Mei in oar stik as earder, útsocht op it oantal spilers wat oerbleaun.



It stik omskreaun har as in fleurich, spannend stik. Mei in hiel ferrassend ein.

Regisseur Nelis Huizinga gong los mei in fijne, entûsjaste ploech misken. De iene mei wat mear ûnderfining as de oare. Sa stiene de jongste froulju foar de 2e kear op it poadium. Tjitske Dijkstra yn de rol fan Anne en Wisse Kersten as Venus. Se spyljen sûnder reserves, sûnder skamte. Talinten foar de takomst?

Atty Gietema as Lynn sette in izersterke aginte/suske fan del. Eagen dy't fjoer sketten, doe't se de smoar yn hie op har broer. Catrinus Bouma dy't as Paul in prachtige ferlegen fint delsette.

Hettie de Jong kreas yn mantelpak, krekt as stim en hâlding hielendal passende by Waltraut fan Wemeldingen-Hoogstade.

Alle Jan Wijnstra as..., ja as wa eins? Luuk, Luukje, Lucas en út einliks Hendrikus de Vries. M.P.S. net in maklik syndroom om te spyljen. It gong Alle goed ôf, krûpende yn dizze meardere persoanlikheden.

De mannen fan it ljocht en lûd stiene d'r ek foar it earst foar. Stijn Loonstra hie wat ûnder fining opdien by de Goddelike komeedzje. Tegearre mei Nick de Wit hiene se it kreas foar inoar. Tuskentroch oanpassingen om dochs in pear headsets yn te setten wie gjin probleem.

Nelis, dy't we koene fan Oeds fan Fierwei hat alles út de spilers en it stik helle wat d'r yn siet. Leuke, grappige stikjes, Hettie as Waltraut dy't krûpende oer de flier mei handoeken om de knibbels op syk giet nei Pakstie. Mar ek it stille spul fan Catrinus as Paul as hij de klean oan docht.

Al mei al in tige slagge útfiering mei in protte besikers eltse kear. Wat moai dat ek dy nei de corona jierren it paad nei de boppeseal wer fine koene.

Grut applaus foar de spilers, de sminkers, dekôr bouwers, regisseur en bestjoer dy't harren frije tiid hjir yn stutsen ha. Grutsk op ús trije doarpen wêr't toaniel noch libbet en we mei inoar geselliche noflikke jûnen hân ha. Oar jier mar wer tûch ik sa!



Aktiviteitekommisje Reduzum organisearret:


Try out concert

"De Boer Sjongt Bos"

Snein 2 april, tsjerke fan Friens om 15:30!

Het prachtige werk van Stef Bos yn it Frysk

In zijn nieuwe tour met liedjes van Stef Bos in het Fries doet troubadour Adri de Boer (1956) onder meer theaters, dorpshuizen, kerken, verzorgingshuizen, feesten en evenementen aan.



Het idee om werk van Stef Bos te gaan hertalen en vertalen naar het Fries, ontstond op basis van de treffende overeenkomsten tussen de twee muzikanten en liedjesschrijvers: beiden in dezelfde levensfase, hun diep donkere stemgeluid en een sterke voorliefde voor melodieuze liedjes met een boodschap. Toeval of niet, maar beide troubadours maakten een album met de titel 'Tijd' en hun beider grootste hits hebben een spectaculaire verbintenis met elkaar. Bos werd beroemd met 'Papa', een lied van een zoon over een vader. De Boers bekendste lied 'Soan' is geschreven vanuit een vader over een zoon.

Stef Bos zelf is vanaf het allereerste begin enthousiast over dit Friestalige project van Adri de Boer. Beide mannen hebben elkaar een paar keer ontmoet om over het project te spreken. Bos heeft de Friese teksten gelezen, waardeert de opgenomen nummers ten zeerste en werkt zelfs mee aan De Boers album door op één van de nummers in het Fries (!) mee te zingen. Bos heeft De Boer ook uitgenodigd om eens samen met hem op te treden met een aantal Friese Bos-liedjes.

Over Adri de Boer

Al meer dan een halve eeuw maakt Adri de Boer deel uit van het noordelijke muzieklandschap. De afgelopen 35 jaar doet hij dat als Friestalig troubadour. In zijn muzikale carrière won De Boer drie maal het Friestalig Songfestival 'Liet'. Daardoor vertegenwoordigde hij Friesland op het internationale minderhedensongfestival 'Liet International' in het Engelse Beverly en in het Deense Tønder.

De lêste kaarten binne yn de foarferkeap by:

Iel en mear, Blauwe Tent, Kaphûs en Frederika's taarten

Jim komme dochs ek?



K. HIJKEMA
TIMMER- EN ONDERHOUDSBEDRIJF

Klaas Hijkema
T 06 484 804 49

Ayttawei 24
9008 SL Reduzum
k.hijkema@outlook.com



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl



Van der Meulen
Installatietechniek
Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68
www.vandermeuleninstallatie.nl
info@vandermeuleninstallatie.nl



Idaerd in de jierren'90

In ferrassing foar Yde

De eksakte datum wit ik net mear, mar it sil om april / maaie 1993 hinne west hawwe.

By it PEB hokje fan Idaerd sammelje de Idaerders harren. Wy wachtsje op twa nije ynwenners. Mei de hynsten trailer wurde dy nei Idaerd brocht. Jan Wester hellet beide út de trailer en leit se yn de bolderkarre dy 't fol is mei strie. It binne 2 biggen. It liket Yde Ruardia moai ta om biggen te hawwen. In groep Idaerders hat hjir in ludike aksje foar betocht. Foar op de bolderkarre is ûndersteand boerd pleatst.

Om de nije ynwenners feestlik wolkom te hjitten is der ek in oargelwein regele. Net allinne Idaerders, mar ek de boargemaster fan Eagum en Idaerd, Tjeerd van der Hem is oanwêzich. Janny Feenstra nimt it foartou lûk de karre troch de Friesmawei. Mar al gau nimt de boargemaster dizze taak oer.

De stoet lûkt in soad belangstelling fan ferkear dat troch Idaerd rydt. Healwei de Friesmawei drukt de oargelman op de claxon. Hy seit dat wy ophâlde moatte. De oargelman springt út 'e



wein en draaft nei it oargel. De orkest bân moat ferwiksele wurde. As dat klear is rinne we fierder.

Wy rinne de tsjerke foarby rjochting Grou. Yntusken hawwe Yde en Geesje it lûd fan it oargel ek heard en komme laitsjend nei bûten. Nei it draaien fan de bolderkarre rinne we werom nei It Lokaal, ûnderweis nei de wenning fan Yde en Geesje.



Ek by It Lokaal stean ferskate buertbewenners de biggen op te wachtsjen. De boargemaster begroetet taskôgers en rint nei Yde ta. Nei wat meitsjen fan foto's pakt Yde it hânfet fan de bolderkarre en lûkt de karre troch har tún hinne.

We folgje him en rinne allegear dwers troch de tún hinne nei achteren. Dêr stiet it nije ferbliuw foar de biggen al klear. De boargemaster hâldt in koarte speech en Yde bringt beide biggen, neamd Tjeerd en Sijtse, nei harren nije ferbliuw.

Shanika

GEDICHT

DE LÊSTE LEADSJES

De lêste leadsjes lizze,
dat dienen we mei nocht.
Wy plakten strips en foly
en brochten it nije ljocht,
dat LED hyt
en ús past,
want it is sunichoan
lyk as ús dûs fuortoan.

Wy koen' dat meiinoar,
De tsjerke en de mûne,
dy hien' it foar elkoar
betellen de materialen.

Frijwilligers dien it wurk
W' ha mei inoar krewaerre
Ús doarpen pakten 't oan
en diene it gewoan.
Foar de takomst!

Energjy
Coachen
Handige
Harrys
Mûnegroepers
Sinnepanielers
Warmtepompers

Mei tank.!

P

Te koop

Metalen honden bench in goede staat. Maten: L 92 cm, B 57 cm en H 64 cm.

T. E. A. P.

Merk zeilboot : Sailart XP 15

Een volledige polyester 2 persoons zeilboot ong. 5,10 meterlang, ligt ong. 10 cm diep in het water en heeft 14 m² zeil, en een rolfock. Heeft geen spiegel, dus ook geen natte voeten. Zeilen zijn nog in goede staat. Het is inclusief trailer. Een ideaal bootje om in te leren zeilen. Bouwnummer: 119.
Is zeer snel wat kinderen erg leuk vinden.

Segelspaß pur **Rennjolle PX 15**



Die SAILART PX15 ist eine im Handauflegeverf. gefertigte GFK-Jolle, die mit 1 oder 2 Personen gesegelt werden kann. Durch ihr geringes Gewicht kommt die extrem sportlich geschnittene PX15 s. früh ins Gleiten. Zusätzlich kann das Boot mit Sp. ruder, Trapez und Fockrolle ausgestattet werden. Der Transport zum See bzw. Strand kann per Yrs. oder Autolach erfolgen.

Modell 96 DM 4.450,-

T. E. A. P. bij **Henk Krans**
It **Houtstek 13**

Wisten jo, dat.....

- Friens al wer hiel heech skoard op in provinsjale ferlikings side?
- se op it twadde plak stean fan doarpen dy't it fierste rinne moatte nei in bushalte?
- Marrit en Frâns de Boer beide de tredde priis wûnen op it judo kampioenskip fan it distrikt Noard?
- it bestjoer fan de doarpsmûne ynkoarten in feest jout foar alle ynwenners fan ús doarpen?
- oer it hoe , wat en wêr jo de kommende tiid alles hearre sille, mar de datum, 20 maaie, fêst leit?
- fiif dagen letter de tún club mei in busfol entûsjaste froulju nei de rododendron-stêd giet?
- Bad Zwischenahn yn Dútslân fan maaie oant septimber ien grutte blommesee is?
- de ferhalen fan Dukke Zijlstra yn in boek útbrocht binne en it argyf ek in eksimplaar krige ?
- yn maaie wer in nije 'bewaarkrant' út komt en jo dus no noch wizigings oanjaan kinne?
- Folkert Hooghiemster de rol fan Petrus sjonge en spylje sil yn de Akkrumer Passion op Goed Freed?
- doarpsbelang Reduzum op 13 april syn jiergearkomste hâldt?
- de aginda, de jildsaken en alle ferslach wurk net mear hûs oan hûs op papier komt?
- jo alle gegevens no fine kinne op de Reduzum-site?
- Lútsen 'knokke' sil foar in goed doel, Sytske reedride en fytse sil, ek foar in goed doel, mar jo ek sponsorjild jaan kinne oan de Alpe d'Huez -fytsers en de Spieren foar Spieren reedriders?
- de enerzjy middei yn skoalle in grut súkses wie en der in protte te sjen en te hearren wie?
- de kuorballers fan Mid Fryslân, wylst ik dit typ, mei 16-19 fan de grutte konkurrint Wageningen winne en no sealkampioen binne yn de Haadklasse?
- we op de jiergearkomste nei njoggen jier ôfskie namen fan foarsitster Jantsje Kalsbeek?
- 'bistedokter' Menno Wiersma ree fûn waard om har op te folgjen?
- op de jierlikse pankoek dei de bern fan de basisskoalle pankoeken bakten foar de koersballers, foar de minsken fan Caféméd en in grutte groep Idaerders yn it Lokaal?
- de pankoeken by Caféméd sa goed yn 'e smaak foelen dat der foar ien fan de bern neat oer bleau?
- nije sinnepanielen blykber sa goed wurkje dat se fier út it heechste skoare op 'e Bartle-ljedder?
- de kuorbalfieriening ek dit jier wer skoare wol mei it tal kilo's âld izer?
- der in soad animo is foar de kommende Rommelmerk en der in protte fan de souders komt?
- jo net mear it lân yn meie om in ljipaike te sykjen, Wibo en Hindrik jo in slach(je) foar wiene?
- ús stimburo-leden nachts om trije oere opholden binne mei skiftsjen nei partij, de hiele saak sa fuortbrocht is en yn Ljouwert de oare moarns alles fierder út splitst en teld is?
- it hast net te dwaan is om twa ferkiezings op sa'n grut stimburo yn ien nacht yn de boeken te krijen?
- in hûn graach swemme wol, mar dat aanst net mear by it upgrade swem plak mei?
-

DE BIJPRAATTAFEL



op vrijdag 28 april
van 16.30 tot 19.00 uur in het café

Jelly en Rinie



Overijsselsestraatweg 6a
9008 TS Reduzum

T 0566-601165 F 0566-601747
info@transportbedrijfbakker.nl

Levering van:

- **Straatzand • Speelzand • Manegezand • Split**
- **Drainagezand • Tuingrond • Compost • Grind**

In elke gewenste hoeveelheid, los gestort of in big-bags

Verhuur van:

- **Achterover kippers • Auto met dieplader**
- **Kippers met laadkraan • Shovel**

www.transportbedrijfbakker.nl

WWW.GINBIJK.NL
Fricoweg 37
9005 PC Wergea
058 255 30 36
wergea@ginbijk.nl

compjoeterservice
GINBIJK.NET

- Systeembeheer
- Netwerkbeheer
- Hardware - Software
- Advies - Verkoop
- Service
- Webdesign

Mededelingen

Wy wolle eltsenien betankje foar it meilibjen nei it ferstjerren fan myn leave man, ús
leave heit, skoanheit, pake en oerpake

Simon Okkinga

Safolle blommen, kaarten, besite en leave wurden. It hat ús tige goed dien.

Klaske Okkinga-Koopmans
Anne en Toos
Fokje en Jouke
en pakesizzers

Fytsklub Vrouwen van Nu Reduzum e.o.



It is hast wer sa fier.

Ek dit jier ha wy foar sportive froulju wer inkele rûtes útset. De iene
kear wat ticht by hûs, in oare kear war fierder fuort. De rûtes binne sa'n 35-40 kilometer per kear.
We sette útein op moandei 3 april, middeis om 13:00 oere.

De datums dêrnei binne op 1 maaie; 5 juny; 7 augustus en 11 septimber. Ek alle kearen om 13:00
oere. Op 5 july (by min waar op 12 july) geane wy de hiele dei der op út, fuort om 9:30 oere. Sels
kofje en in broadsje meinimme. Oan 'e ein fan de dei stekke wy efkes oan.

Op 8 juny is de Provinsjale Fytsdei, organisearre troch ôfd. Lemmer, hjir kin elts op eigen
gelegenheid oan mei dwaan. Sjoch foar opjefte it Magazine "Vrouwen van Nu" febr. 2023

Wy ha der wer sinne oan!! Wy sjogge jim graach op 3 april as ien fan de oare datums.
Oan 't sjen, Tsjeppe, Ymkje, en Tjitske.

Schoolbus

In de week van 17 April komen wij weer langs voor de donateurs Actie van de schoolbus.

Wenjen yn Reduzum moat noflik wêze

Oerlêst fan bygelyks hûnestront, of fytsers op de stoepe, of ferkeard parkearde auto's foar jo
wenning hearre dêr net by. Besykje by oerlêst earst mei-inoar yn petear te gean om ta in oplossing
te kommen en ôfspraken te meitsjen om de oerlêst te ferminderjen. Helpt dat net dan kinne jo
melding dwaan by de gemeente fia it Meldpunt Overlast (tel 14058). Jo kinne ek kontakt opnimme
mei de wykagint yn jo regio.

Dizze kontaktgegevens steane yn it handige ynformaasje- en adressenbewarblêd fan de Linepraat
of sjoch op **Wijkagent - Reduzum / Friens / Idaerd / Eagum Dorpssite.**

Mededelingen

Herstraten Friesmawei Idaerd

De rijbaan en het voetpad op de Friesmawei in Idaerd vanaf huisnummer 31 tot de brug zal door de gemeente worden aangepakt. De gehele bestrating gaat eruit en er zullen aan weerszijden van de rijbaan zwarte stroken worden geplaatst. De werkzaamheden starten op 20 maart en zullen tot en met 5 mei duren, afhankelijk van de weersomstandigheden.

Voor de veiligheid is de weg gestremd voor al het doorgaande fiets-, auto- en landbouwverkeer. Het verkeer wordt omgeleid. De woningen blijven lopend bereikbaar. De hulpdiensten zijn ingelicht. Indien nodig, worden bij calamiteiten de werkzaamheden direct gestaakt om hulpdiensten vrije doorgang te verlenen.

Wie wordt nummer 6?

Doarpsbelang Reduzum en de dorpsbewoners hebben een belangrijke rol in het meedenken en meebeslissen met de gemeente Leeuwarden. Wilt u meer betrokken zijn bij de plannen van de gemeente en activiteiten van doarpsbelang Reduzum, neem dan via:

doarpsbelang@reduzum.com contact met doarpsbelang op. Het bestuur wil graag een zesde bestuurslid erbij.



POPKOOR "SAWAT SUVER"

*Opent vrijdagavond 31 maart a.s. vanaf 19.45 uur
de deuren voor belangstellenden.*

Nieuwe leden, vooral sopranen zijn welkom!

*Wil je ons (weer) eens horen, kom dan 31 maart
naar:*

***'t Parochiesealtsje,
Tjissema 2, 9089 BG Wytgaard
Tot dan!***

op 'e Trije Romers by Hylke & Tsjeppey Hijlkema

Mei 91 jier is Hylke Hijlkema de âldste ynwenner fan Reduzum. Berne op 17 septimber 1931 op de 'Hotsmapleats', mei de wite foarein, krekt foar Jirnsum.

Begjin 30-er jierren wiene de minne jierren foar de twadde wrâldoarloch. Hylke is de âldste fan 4 bern; nei him waarden broers Koene en Bate berne en krekt nei de oarloch kaam der noch in suske, Han, by. Hylke wit noch, dat er as 14-jierrige jonge út skoalle thúskaam en de arbeider him út it bûthús wei temjitte kaam en lokwinske mei de berte fan syn suske.

It boerebloed siet der by Hylke en Koene wol yn; der wie thús altyd boerepraat. Koene, wie de boer, Hylke sa bot net, mar wol holpen hy en Koene út skoalle thús altyd mei op it bedriuw, lykas it greppel swyljen, de bûthúsflier oan faaie; de hannen waarden wol út 'e mouwe stutsen!

Hylke wie 8 jier, doe't de oarloch útbruts

Hylke: 'Ik wit noch dat de oarloch begûn op 10 maaie. Ik siet yn Jirnsum op 'e legere skoalle, it gebou dat no MFC 'it Kattehûs' is. Wy waarden troch master fan skoalle nei hûs ta stjoerd. Dat wy rinnende nei hûs ta en dêr kamen we, dêr't no de 'grutte mêst' stiet oan de strjitwei, in gefechtswein tsjin, dy't mei in grutte knal in reekbom ôfskeat. Dat makke wol yndruk en we binne troch de sleat oer de Learewei, troch it appelhôf en it lân nei hûs ta setten. De strjitwei wie doe noch fan Ljouwert oant Swolle ta 'omseame' mei grutte iperen beammen.

Ik wit noch, dat ús Koene him ferstoppe achter ien fan de peallen fan de radiodistribúsje doe't de Dútske soldaten in gewear op him rjochten.

Sa begûn foar ús de oarloch, mar dêr ha we fierder as húshâlding net folle lêst fan hân. Yn it lêst fan de oarloch ha we 2 famkes (honger evacuees) út Amsterdam yn 'e hûs hân en in frijgeselle Brabanner, dy't by ús de jirpels skylde.

Hokker skoallen en opliedings ha jo folge?

'Wy gongen altyd rinnende, op klompen, nei de legere skoalle en midden yn de oarloch bin ik nei de ULO yn Grou gien, op 'e fyts. En nei 4 jier ULO nei de Gemeente HBS, achter de Hoven yn Ljouwert.

Dêrnei moast ik yn tsjinst en ha ik 2 jier by de lucht macht west. Op it Ljouwerter fleanfjild siet ik by de Lucht macht bewaking. Mar ik moast earst opkomme yn Nijmegen en rekke sa foar it earst út 'e hûs.

Yn 1953, mei de wettersneed ramp haw ik yn Seelân west en by Tholen holpen mei it leegjen fan trucks mei sânsekken, grutte pulp balen, foar it kearen fan it wetter.'

En fierder?

'Nei myn tsjinsttiid ha ik earst in pear jier mei ús heit buorke; wist net wat ik eins krekt dwaan woe. Wy buorken op in pleats dy't we hierden fan de famylje Hotsma en doe't harren soan Kees troude, is dy mei syn frou op 'e pleats kaam en binne wy nei in pleats in eintsje fierderop ferhuze, dêr't no de famylje

Brandse wennet; dêr ha ús heit en mem trochbuorke.

Ik ha doe, neist it wurk op 'e pleats, molkrites mei hynder en wein foar de suvelfabryk yn Sibrandabuorren oernommen. Yn 1956 troude myn jongere broer Koene mei Sytske de Haan en dy hawwe de buorkerij fan Sytske har heit en mem op Tsenzerbuorren oernaam. Us heit en mem hawwe doe in hûs setten oan 'e Learewei.

Ik ha fan dy tiid ôf oant '64-'69 by Koene en Sytske ynwenne en mei buorke.'

Wannear binne jim elkoar tsjinkaam?

'Wy hawwe elkoar kennen leard yn de Twee Gemeenten yn Jirnsum. Dêr kaam ik as frijfeint geregeld. It wie doe op sneintemoarn fêste prik: moarns kofjedrinke by ús heit en mem en dêrnei mei maten, allinnich manlju, nei de Twee Gemeenten: prate en ouwehoere ûnder it genot fan in slokje.'

Mar dêr wie Tsjeppey net, as dêr allinnich manlju wiene . . .

'Nee, mar der wie oars ek wolris wat te rêden yn de Twee Gemeenten en sa trof ik Tsjeppey, dy't ek yn Jirnsum wenne. We skele 15 jier, binne yn 1969 troude en yn Reduzum kaam te wenjen. Hjir yn dit hús op 'e Trije Romers wennen doe Geert en Tine Hofstra, dy't yn '69 op 'e pleats kommen binne yn de "dodenbocht", as opfolgers fan Tine har heit en mem Frâns en Rinske de Boer.

Hjir rûn doe noch in feart foar hûs lâns mei in brechje nei de foardoar. Us Margje hat der noch op riden. Letter is der rioelearring oanlein, dat oanslút op 'e Haadstrjitte en is de sleat tichtmakke.

Ik ha oant myn 55^e by Koene op 'e pleats wurke. Yn 1986 is harren soan Klaas mei Emmy op 'e pleats kommen. Dêrnei haw ik oant myn 65^e op Ald Skou wurke by de famylje Gaarman. Ik die dêr alle foarkommende wurk, fan 'e tún oant binnen yn it hotel-restaurant.'

Hylke en Tsjeppey hawwe 2 bern, Margje en Bonne, en 5 pake- en beppesizzers. Margje wennet mei har gesin yn Itens en Bonne mei syn frou en bern yn Oele, flak ûnder Hengelo yn Twinte.

Hylke hat gjin auto rydbewiis en dat is neffens Tsjeppe mar goed ek, want 'hy sjocht alle fûgels en fûgeltsjes fleanen'. Hylke hat in protte oandacht foar de natuer en wat der yn libbet, mar ek foar de omjouwing.

'We hawwe moaie fakânsjes mei de bern hân op Skylge: blommen sykje en de ynteresse foar de natuer de bern meijûn. Letter ha we ek de bernsbern holpen mei blommen sykje en drôgje foar harren herbarium.'

En noch tiid foar hobby 's?

Hylke: 'As natuer mins mocht en mei ik graach fytsje, rinne, fiskje en aaisykje. Om't de senuwen ûnderyn 'e fuotten net mear goed funksjonearje, wol it rinnen net sa goed mear en rin ik mei in stok. Sûnt myn 70^e haw ik lêst fan epilepsy, as ik yn 'e rêst bin en ûntspannen yn 'e stoel sit of op bêd lis. Dêrtroch ha ik wat 'gatten' yn myn geheugen oprûn en bin wolris wat 'kwyt' en is it fiskjen dien; ik bin bang dat ik yn it wetter falle sil. Mar ik mei noch graach ris even stean bliuwe by ien dy't oant fiskjen is en in praatsje meitsje. Mei fytsen haw ik gjin lêst fan de fuotten, mar nei in ûngemakje fan 't hjerst ha we no wol beide in helm op.



En ik gean geregeld in slach yn 'e rûnte om rommel by de dyk lâns te sammeljen. As je sa ûnderweis binne, sjogge je ek wer aardige dingen. Sa seach ik in kear in ielreager, dy't in iel út wetter pikt hie; de iel slingere de ielreager om 'e kop, mar hy hie 'm samar nei binne wurke.' Hylke sjocht de fûgels dus net allinnich fleanen . . .

Ik wit noch, dat we foar de earste Slachte kuier yn 2000 geregeld oefen rûntsjes as Redústers mei elkoar rûn ha en ek in kear oer Raerd, Flânsom, Jirnsum en Friens rûn binne. Hylke fertelde doe ûnderweis wa't op wolke pleats buorken en buorke hiene of wat er dêr wolris meimakke hie. Prachtige ferhalen!

En aaisykje? It is no de tiid wer

'Aaisykje die ik fan jongs ôf oan mei myn broer Koene; wy hawwe altyd goed kind en ha faak tegearre it lân yn west. Je moatte der geduld en wat gelok by ha en gefoel om de goeie kant út te sjen.

Us bern en pakesizzers binne gjin aaisikers; ús Bonne hat minne eagen. De loopkes troch it lân en it aaisykjen haw ik harren net trochjaan kinnen.

Wol hat Taco, ús buorjonge, dy't wol oan lêch hie, in soad mei my it lân yn west.'

Ek mei Moarns Ier der op út west?

'Ik bin yn de 80-er jierren, doe't ik in jier as 60 wie, lid wurden fan Moarns Ier, de âldste aaisikers klup fan Fryslân. Koene wie al langer lid en as hy dan it wykein dêrmei fuort wie, paste ik op 'e pleats. Doe't Klaas en Emmy op 'e pleats kamen, koe ik ek mei Moarns Ier in wykein te aaisykjen. We giene doe al net mear, lykas earder op 'e boat, mar wiene 2 nachten op Ie sicht.



Aaisikers maten in 2017 Hylke Hijlkema, Hylke Hijlkema en Jelmer de Groot.

Ik ha ferskillende maten hân, dêr't ik dan oerdei mei opluts: Jelmer de Groot en Klaas (fan Pyt) Hylkema fan Friens en Koene, Albert Hofstra en Gabe Yntema. De lêste jierren ferbleaune we op it Weidumer hout. De belangstelling foar de natuer en de fûgels is der noch altyd, mar it tal ljippen nimt ôf; der binne hast gjin greidefûgels mear yn 't lân.

Fierder lês ik no in protte.'

Jantsje Kalsbeek

Kort Nieuws 2

Grutto's massaal geland in Gruttoland

Afgelopen dagen zijn grote aantallen Grutto's neergestreken in Gruttoland. Wil je dit eens zien dan is daar nu de mogelijkheid voor. Op zaterdag 1 april (geen mop) bent je welkom tussen 10 en 17 uur tijdens de open dag in Gruttoland, Slachte 4 in Wommels. Je kunt dan vanuit de kijkhutten de weidevogels zien. De toegang is gratis en aanmelden is niet nodig.

Klussendienst

Voor de maanden April en Mei is contactpersoon van de klussendienst Wolwezen; Jelly van der Zijl Tel.nr. 0622388537

Eerste kievitsei gemeente Leeuwarden

Donderdagmiddag hebben Hendrik de Boer en Wiebe Bonne Bijker het eerste kievitsei van de gemeente Leeuwarden gevonden.



Het ei lag op Goattum, in het land van de familie Fokke de Jong. Wiebe Bonne en Hendrik ontvangen € 15,- vindertsloon en de bijbehorende oorkonde.

Tegelwippen

De gemeente Leeuwarden doet mee aan het nationaal kampioenschap Tegelwippen. Hierbij worden de inwoners verleid om tuintegels te verwijderen en er groen voor in de plaats te planten. In 2021 verdwenen er 27.631 tegels in Leeuwarden. Dit jaar willen ze dit aantal vergroten en moet het meer worden. Wie heel veel tegels verwijdert en ze niet kwijt kan, kan gebruik maken van de tegeltaxi van de gemeente en die haalt de tegels op. Zie ook verderop in de Linepraat.

Verkiezingen Provinciale Staten en Waterschap

Op 15 maart werden de verkiezingen voor de Provinciale staten en het Waterschap gehouden. De uitslag in de provincie en in Reduzum was als volgt:

Statenverkiezing:

Lijst	Partij	Provinsje Fryslân		Reduzum	
		%	Zetels	Stemmen	%
1	CDA	8,7	4	50	6,6
2	FvD	3,6	1	9	1,2
3	PvdA	10,6	5	138	18,3
4	VVD	6,8	3	32	4,2
5	FNP	8,0	4	89	11,8
6	GL	6,6	3	41	5,4
7	CU	5,3	2	12	1,6
8	PVV	4,5	2	18	2,4
9	SP	3,5	1	25	3,3
10	D66	3,3	1	19	2,5
11	PvdD	3,4	1	15	2,0
12	50PLUS	0,9	-	5	0,7
13	JA21	2,7	1	28	3,7
14	BVNL	1,8	-	14	1,9
15	Pr BF	2,0	1	12	1,6
16	AWP	0,6	-	4	0,5
17	BBB	27,3	14	243	32,3

Voor de Staten is de BBB de grootste in Reduzum, gevolgd door de PvdA en FNP.

Waterschap:

Lijst	Partij	Provinsje Fryslân		Reduzum	
		%	Zetels	Stemmen	%
1	CDA	10,4	2	57	7,5
2	Water N	14,7	3	116	15,5
3	PvdA	8,4	5	138	18,3
4	FNP	11,7	3	118	15,8
5	VVD	5,8	1	24	3,8
6	Lager L	5,3	-	17	2,3
7	CU	5,6	1	19	2,5
8	PvdD	4,1	1	26	3,5
9	BBB	28,9	7	205	27,5
10	BVNL	4,6	1	27	3,6
11	AWP	3,1	-	21	2,8

Voor het Waterschap is de BBB de grootste in Reduzum gevolgd door PvdA en Water Natuurlijk.

Mid Fryslân/ReduRisk kampioen

In de hoofdklasse A speelde Mid Fryslân tegen Wageningen en door met 16-19 te winnen werden ze kampioen in deze klasse. Mid Fryslân was de gehele wedstrijd sterker en stond bij rust al met 8-10 voor en wist de eindoverwinning gemakkelijk binnen te halen. Dit betekent dat de korfballers uit Reduzum e.o. volgend seizoen hun debuut gaan maken in de Korfbal League 2. Dit is één klasse onder het landelijke hoogste niveau. Dit is een mooi succes en zeker een felicitatie waard.



Massagepraktijk Shanika

 Meerkoetweg 50 8446 JZ Heerenveen

 06-53194824

 info@massagepraktijkshanika.nl

 www.massagepraktijkshanika.nl

[Facebook.com/Massagepraktijk.Shanika](https://www.facebook.com/Massagepraktijk.Shanika)

Voetreflex: drukpuntmassage om orgaanklachten te behandelen.

Vriendinnen uitje: massagebehandeling met high tea, high wine of diner bij 't Gerecht.

Tapparfum: parfum tegen een eerlijke prijs.

Pinnen is mogelijk



Wij lossen elke verstopping op en meer :

- * Cameraonderzoek
- * Stankonderzoek
- * Herstelwerkzaamheden
- * Alle bijkomende werkzaamheden

*Afvoer problemen ?
Bel Boonstra !!*

06 22 49 88 24

www.Boonstra-RioolService.nl

Douwemastrjitte 7 9011VN Jirnsum / Haedstrjitte 12 9008SP Reduzum

Uw woning laten schilderen ?



Schilderwerk Beglazingen en Wandafwerking

Johannes van der Heide 06 - 21 89 54 88

DIT BIN IK

Door Janet Wijnstra.

Mei wa wennest do hjir?

Met Heit Jeroen, Mem Lutske, Mark en Iris.

Yn hokker groep sitsto en wat binne dyn masters en juffen?

Ik zit in groep 7. Meester Jildert en juf Mettie en de onderwijsassistenten juf Jettie en juf Anneke.

Is jimme klasse leuk?

Ja heel leuk! Iedereen doet gewoon heel normaal en lief. Er is wel eens een ruzie maar dat wordt snel opgelost. Er is nooit iets een heel groot probleem wat heel lang blijft.

Hast wolris wat leuks / geks / grappichs meimakke op skoalle?

Er was een project met de windmolen. Menne en ik mochten daarheen. We wisten eerst helemaal niks, ze zeiden een interview. Mij maakte dat niet uit, ik wilde dat wel doen. Er werd een heel gesprek over gevoerd. Toen heb ik Rob Jetten ontmoet en burgemeester Buma. Die zaten daar ook aan het praten. Ze waren heel aardig. Alleen het feest was op 20 mei en toen zei ik dat kan niet want dan ben ik jarig. Toen zei Rob Jetten dan vernoemen we gewoon de windmolen naar Jelle.

Wat dochst it leafst as 't net nei skoalle hoechst?

Gamen, Rocket league is mijn favoriete spelletje. Het is eigenlijk Fifa maar dan met auto's. Je zit gewoon eigenlijk te voetballen met auto's.

Ook met Pokemonkaarten spelen, ruilen van kaarten en voetballen. Ik ben keeper. Ik heb ook speciale keeperstraining daar oefenen we uittrappen, duiken en bv. bal snel door passen.

Wat fynst do leuk oan it wenjen yn Reduzum?

Nou dat is gewoon gezellig. Iedereen kent elkaar vast wel. Ik ken wel veel mensen. Ik houd niet echt van een stad dan zit je allemaal dicht op elkaar. Hier is het allemaal open en lekker ruimte. Het leukste plekje van Reduzum vind ik thuis.

Yn dizze rubryk meitsje we eltse moanne kennis mei bern út Reduzum, Friens, Eagum of Idaerd. Yn de sliepkeamer stelle we in oantal fragen oer it libben, tinkwize en ferwachtingen.

Jelle van Dijk, 10 jier byt de spits ôf.



Wat dochst do oer 10 Jier?

Dan ben ik D.J. en draai ik in Nederland. Ik draai nu ook al. Dan draai ik nog steeds hard core op festivals. Nog niet in de Johan Cruijff Arena en echt de hele grote festivals.

Asto de baas fan 'e wrâld bist, wat soest dan feroarje?

